



André & Alfred
Echte Romeinen

Dit kear binne wy weromgien nei de tiid fan de Romeinen, yn it jier 82. Ik hie der fan tefoaren sa'n soad sin oan. Ik seach it al hielendal foar my: dat myn heit en ik dêr rûnen tusken dy fantastyske grutte moarmere gebouwen, Romeinske soldaten en fan dy moaie timpels en bylden. En myn grutste fantasy wie om in Romeinske keizer tsjin it liif te rinnen. It soe my echt spannend lykje om Caesar te moetsjen, hy wie ien fan de bekendste Romeinske keizers. Mar ek in genipige man dy 't hast hiel Frankryk ferovere! Mar it die bliken dat deryn de Fryske Wâlden hielendal net safolle Romeinen te finen wiene, en hielendal gjin keizer.

Yn de Fryske Wâlden troffen we in mem, Alfreda, en har dochter Andrea. Ik wie earst in bytsje teloarsteld. Ik hie my fan alles foarsteld fan in grutte stêd mei gladiatorgefjochten. Mar yn plak dêrfan kamen wy earne yn in lyts doarpke by in bosk telâne. As earste woe Alfreda dat wy har in badhûs jaan soene. Blykber wiene de Romeinen hiel tûk en koene se allegearre dingen bouwe. En foaral mei wetter. Brêgen foar wetter, wetterdammen, fonteinen, rioelen, alles wat je betinke kinne. En dus ek badhuzen. Want wistst? De Romeinen wurken super hurd. Dat moast ek wol, want har ryk wie sa grut en der wennen safolle minsken dat der alle dagen hiel wat barre moast.

ANDRÉ'S FERHAAL





André & Alfred

Echte Romeinen



Mar om't de Romeinen dus sa hurd wurken, hiene se júst ek ferlet fan ûntspanning. En wêr kinst no better ûntspanne as yn in badhûs? Guon badhuzen hiene sels in sauna. Ik krij der no al sin oan... Earst lekker switte yn 'e sauna en dan in kâlde dûk yn 't wetter, hmmm. It wie foar de Romeinen hiel normaal om alle dagen lekker te badderjen. Op alle hoeken fan 'e strjitte stie soms wol sa'n badhûs. Wat in lúkse, sis. Dy Romeinen hiene it mar moai foar inoar mei har wetterútfinings!

Dêrnei woe Andrea in 'Colosseum'. Dat is de namme fan in hiel grut gebou dat yn Rome stiet. Dus ik tocht 'Jeminee, hoe krije we dat no foarinoar? It Colosseum wie in soarte fan hiel grut stadion, dêr't likefolle minsken yn pasten as yn it stadion fan Ajax. Yn it Colosseum hâlden se gefjochten. En net samar gefjochten, mar gefjochten tusken oaljefanten, tusken minsken en liuwen, tigers en krokodillen. Dat wiene in soarte fan bloedige bistetunen. Ek diene se gefjochten tusken minsken: gladiatorgefjochten.

Gladiators wiene slaven fan rike Romeinen. Se waarden twongen mei-inoar te fjochtsjen, soms sels oant se dea wiene. De Romeinen hiene sawiesa in hiel soad slaven. Yn Rome wie hast de helte fan de minsken slaaf. Dy wiene it besit fan de Romeinen en moasten alles dwaan wat de Romeinen har frege. Sels fjochtsje ta de dea. En wêrom't se dat diene? De Romeinske keizers woene graach populêr wêze. Troch it folk spektakels te jaan, bleau it folk harren leuk finen. 'Jou it folk brood en spelen', seine de Romeinen ek wol, dan bliuwe se rêstich. Gelokkich dat Alfred en ik Andrea gjin echt Colosseum joegen. Ik tink dat se dy bloedige gefjochten úteinlik hielendal net sa leuk fûn hie.



André





André & Alfred

Echte Romeinen

1

Moai om te dwaan!

FRAACH 1:

Alfreda en Andrea woene trije typyske Romeinske dingen.
Wat wiene dat? Teken ien fan dy dingen nei.



3





André & Alfred Echte Romeinen



ALFREDS ÛNDERSYKJE

Ik kin dy sizze dat de Romeinen ien fan de machtichste folken fan de wrâld west hawwe. Dat wit ik, omdat ik ferline simmer nei Italië west ha. Dêr ha ik sjoen watfoar enoarme gebouwen de Romeinen hiene. Us gids fertelde my dat it Romeinske Ryk hast wol 1500 jier bestien hat! Moatst neigean: Nederlân bestiet noch gjin iens 500 jier. As je de kaart besjogge, dan wie it Romeinske Ryk enoarm. It strekte him út fan Ingelân oant Spanje en fan Spanje oant Afrika en Irak. Moatst der dochs net oan tinke om dêr de baas oer te wêzen. Ik fyn op fakânsje nei Súd-Frankryk al hiel fier. Mar blykber fûnen de Romeinen dat gjin probleem.



Alfred

De gids liet ek in kaart sjen fan it Romeinske ryk. Op dy kaart fynst noch gjin Nederlân, mar wol Fryslân. Fryslân wie yn de Romeinske tiid folle grutter as dat it no is. Sawat de helte fan Nederlân wie doe ûnderdiel fan Fryslân. Dat fyn ik in bêst wol stoer idee! It bysûndere wie dat dy rôfsuchtige Romeinen de Friezen foar in grut part mei rêst lieten. Fryslân wie eins in soarte fan frij gebiet. It iennige wat de Romeinen yn Fryslân diene, wie spullen ruilje en belestingjild ophelje. Mar om Fryslân echt te feroverjen, dat wie se te folle muoite. Se bleaune lekker achter de rivier de Rijn, dêr't se





André & Alfred
Echte Romeinen



Alfred

It wol noflik hiene mei har badhuzen en moaie gebouwen. En soms kamen se nei Fryslân ta om kowehûden op te heljen as belesting. Of om munten, wapens en klean te ruiljen, fertelde ús gids.


Lange tiid gie dat goed. Mar ien kear kaam der in flinke rúzje.

De Romeinen woene folle mear kowehûden fan de Friezen ha as de Friezen jaan koene. En omdat de Friezen net genôch hûden jaan koene, straftten de Romeinen har troch har fee en har lân ôf te pakken. En úteinlik ek troch de Fryske froulju en bern mei te nimmen. Sjochst wol? De Romeinen diene alles om machtich te wurden.

FRAACH 2

Stel datsto foar ien dei de keizer fan de Romeinen wiest, watfoar soarte keizer soest dan wêze? Meitsje in tekening fan dysels as Romeinsk keizer en skriuw dêr wurden by dy 't dêr neffens dy by passe (bygelyks: frede, oarloch, earlik, geduldich)

2





André & Alfred

Echte Romeinen

Op in gegeven stuit pikten de Friezen dit net mear. Mei in grut leger fan Fryske krigers dreauwen se de Romeinen werom nei har fortjen. Mar de Romeinen krigen fersterking, wêrtroch't de Friezen it 'Wâld van Baduhenna' ynflechten. It gelok wie dat de Friezen dit wâld as harren bûse koene. Dus doe't de Romeinen de Friezen yn it wâld besochten oan te fallen, wiene de Friezen se fierstente tûk ôf. It skynt sels dat de Romeinen sa bang wiene foar de Friezen, dat se út panyk elkoar oanfoelen. Net sa tûk, hê. Mar de Friezen kamen yn de wide omkriten bekend te stean as de stoere lju dy't de ûnoerwinlike Romeinen ferjage hiene. Echte frijheidsstriders!

De Romeinen wiene no miskien út Fryslân wei, se hawwe grif wol har spoaren efterlitten. Oant op de dei fan hjoed. Op sommige skoallen leare learlingen noch de taal fan de Romeinen: it Latyn. Romeinske sifers wurde noch hieltyd brûkt. En hast wolris op it Saailân yn Ljouwert west? Dêr stiet in âld, grut gebou mei hiele hege pyllders. Dat gebou is it gerjochtsgebou. En dat liket wol in bytsje op de Romeinske gebouwen fan eartiids. Dus nettsjinsteande dat de Romeinen in bytsje gek en gewelddiedich wiene, hawwe se belangryk west foar hoe't ús wrâld der no útsjocht.

ALFRED

Alfred

